

Tsjokke Frysk & Frij mei spesjale media-bylage

It lêste nûmer, dêr't it wykblêd Frysk & Frij 1987 mei útsette, koe mar amper troch de brievebus: neist de 'normale' krante, ditkear fan 44 siden, kaam Frysk & Frij ek fanwegen mei in spesjale media-bylage fan 40 siden. Dêr koe men de hjeldagen wol mei trochkomme.

Yn de mediabylage wurde twa ferslachjouwers fan Radio Fryslân foar it fuotljocht helle, op wa yn frysksinnige rûnten gauris krityk te fernimmen is: Griet van Duinen en Eelke Lok. Griet van Duinen seit dat se net antifrysk is, mar dat Fryske bewegers hielendal gjin gefoel foar humor hawwe. „Ik bin ien fan de pear journalisten dy't de Fryske beweging serieuus nimme en dat is al hiel wat. Ik ha fjouwer programma's makke oer de Fryske beweging. Ik doch in hiele soad oan it Frysk, faak hiel posityf.”

Eelke Lok wurdt op it harspit naam oer in lulke réaksje dy't hy skreau op in oprop om de Warnsbetinking by te wenjen. Lok leit út dat it 'Fryslân-frij-gefoel' averjochts op him wurket: „It is krekt mei it iten fan sprútsjes: ik mei bygelyks ferhipte graach sprútsjes, mar as se tsjin my sizze dat ik fjouwer kear yn 'e wike sprútsjes ite moat, dan hoech ik se net mear.”

Grutte oandacht yn de mediabylage wurdt bestege oan dr. Fokke Sierksma, dy't tsien jier ferlyn ferstoar. Durk Hak: „Sierksma wie in betûft (letterkundich) essayist, hy koe de klassiken troch en troch, hy wie hielendal op 'e hichte mei de lêste ûntjouwingen op it mêd fan de etology, de psychology en psychiatrij. Dêrnjonken wie er ek in tige striidber yntellektueel en kultuerfilosoof. Hy bleau net

mei in boekje yn in hoekje sitten. In yntellektueel moast yn syn eagen midden yn 'e wrâld stean. Hy moast de iepenbiere miening foarmje en strukturearje, leafst op in wat tsierderige toan. De polemik wie dan ek it middel par excellence foar him.”

Anne Wadman beskôget nei 25 jier nochris 'Testbeeld', it boek mei essays dy't Fokke Sierksma oer it ferskynsel televyzje skreau. Wadman: „Ik wol it wurd 'doemtinken' net brûke, mar 'Testbeeld' is in test op 'e minske en sûnder mis fier fan in fleurich boek. In boek dat by alle bitende irony dêr't dizze fan komôf Fryske skriuwer oer beskikte, tige earnestich, soms hast profetysk-preekjend fan toan wie. Benammen oan 'e ein wurdt it tinken, as Sierksma de reklame („sluipmoord op de mensheid“!) te litte mei al it sarkasme fan ~~me~~inne.” Wadman

neamt 'Testbeeld' foar hjoeddeidei noch jildich en aktueel, as men der in poarsje yntellektuele retoaryk der ôflúkt. It pleit tsjin ûntmiskliking bliuwt nedich, helte mear noch as yn 1963, skriuwt hy.

Fierders wurdt omtinken jûn oan waarman Pyt Paulusma, programmamakker Sjoerd S. Osinga, reklameman Simon Aughton, it nije blêd Fria en Atze Douma fan it hûs-oan-hûsblêd Drachten Optimaal. Dat blêd wurdt, sa fernijt Frysk & Frij ús, alhiel yn it Nederlânsk skreaun, der steane sels gjin Fryske sitaten yn. Douma: „Wy hawwe dat fan begjin ôf mei sin dien. Drachten is dochs foar in grut part Nederlânsk talich en benammen yn 'e hoeke fan 'e middenstân is dat it gefal.” Om fuort dêrnei te sizzen: „Mar ik bin sels in Fries en perfoarst net tsjin it Frysk.”